

It wetter skaaft as waffenballades fan Wagner

Titel: as nomaden yn tinten teplak / als nomaden in tenten terecht. **Auteur:** Sytse Jansma. **Utjouwer:** Afûk. **Priis:** 17,50 euro (96 siden) ★★★★★

Wa't tate seit moat ek whisky sizze wie yn 2008 de titel fan Sytse Jansma syn opmerklike debútbondel. Wa't A seit moat ek B sizze as er in bytsje dichter is, en Jansma syn B lit opnij sjen dat er folle mear is as dat. Wa't yn in fraachpetear Lucebert en Ter Balkt as referinsjes neamt, leit de latte ek net leech. Dochs hoecht Jansma him yn syn twadde, twatalige, bondel net te forsearjen. De dichtkeunst hat der in natuertalint by.

Yn it fraachpetear komt noch in grutte namme foarby: Obe Postma. Nei him ferwiist Jansma as er yn it earste gedicht útropt: 'o fryslân! de wrâld!' Koarter koe er de bondel net gearfetsje, mar de

rigels dy't der dalik op folgje, typearje fansels allinnich him: 'ferskyn as checkpoint charlie tagesschau / as in stille stasi-stim fan huppelepuppys'. Dêr hie Obe Postma wol oan, mar wa wit soe er hjoed belangstellend knikt ha.

Oan de ynterviewer makket Jansma moai dúdlik wat it ferskil is tusken Postma en him. By Postma stiet de taal yn tsjinst fan de erfaring fan de dichter, en kin de lêzer de bylden maklik thúsbringe. By Jansma sels is de taal auto-noom en ferwize wurden nei wurden: de lêzer moat deryn leauwe, nee, oan leauwe, him deroan oerjaan. Wa't dy sprong yn 't tsjuster weaget – sa hat op syn minst ien lêzer ûnderfûn – krijt der skitterjende wûnders foar werom.

Fiif skiften telt de bondel, en se steane allegear as in hûs, slepe tagelyk mei as krinkeljende



streamfersnellings. Der soe in resinsje fol te skriuwen wêze mei oars net as klinkende rigels en útdaagjende bylden. Wat te tinken fan: 'sa't it wetter troch it soal skaaft / as waffenballades fan wagner'. Sa'n dichter sit nergens om ferlegen, mar likegoed fer-

suchtet er: 'o seesicht / hoe kin ik dy fêstlizze yn de hurde kadasters fan taal'. Troch taal floeiber as muzyk te meitsjen, wat Jansma docht.

Sytse Jansma hat de poëzy ferrike mei in juwel fan in bondel: Frysk as de hagel, Hollânsk as de sykte, kosmys as it hielal fan Gagarin. Mar hoe fierdragend ek en iepen, úteinlik bliuwt er by syn woartels, ticht by syn taal, en ticht by it folk dat er blykber goed ken: 'foar de barabbassen fan fryslân / draach ik dizze taal / as fluch stik matse / as bleate batseba / as kristus de dichter'. Dompelje jim ûnder en sis amen.

EPIE DAM